

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra / Poepjes Underwerp: stedsstrân Ljouwert
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Op de nasjonale TV-stjoerder NPO1 wie op 12 septimber 2017 yn it BNNVARA programma 'Kanniewaarzijn' in item te sjen oer 'stadsstrand Leeuwarden'.
Fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hawwe jo kundskip nommen fan de útstjoering? 2. Kloppet it dat de provinsje Fryslân 65.000 euro subsydzje jûn hat foar it stedsstrân yn Ljouwert? 3. <ol style="list-style-type: none"> a. Kloppet it dat, lykas yn de útstjoering fermeld wurdt troch de wurdfierder fan it Wetterskip Fryslân, it Wetterskip it swimmen by it stedsstrantsje yn Ljouwert ûntriedt? b. Is dat om't de lokaasje ticht by in rioeleroerstoart is? c. Is it stedsstrantsje ek in offisjele swimlokaasje fan de provinsje? 4. <ol style="list-style-type: none"> a. Kinne jo oanjaan hoe't de ûntwikkeling fan de wetterkwaliteit fan de Potmarge west hat nei de ôfsluting fan it projekt 'De Blauwe Diamant' ? b. Docht de miljoenenynvestearring dy't earder yn dat projekt stutsen is noch hieltyd fertuten nei jo oardiel? Graach jo ûnderbouwing. 5. <ol style="list-style-type: none"> a. Strykt it dat de reidkraach om it stedsstrân hinne fanwege it monumintale stedsgesicht en ekologyske c.q. wettersuveringsmotiven yn stân bliuwe moat? b. En is it krekt dat om dy reden it strân as swimplakje net goed ta syn rjocht komt? 6. Is it yndied sa dat der amper besikers komme spesjaal foar dit strantsje (dus bûten de minsken dy't hjir del komme om te Suppen –Stand Up Paddling- yn de Potmarge) ? 7. Hoe bepale jo de mjitte fan sukses fan in provinsjale subsydzje fan € 65.000 ? 8. Wat is jo oardiel oer de ferliking mei it stedsstrân yn de stêd Grins, dat mar € 10.000 koste hawwe soe (1/11 fan de kosten fan it stedsstrân Ljouwert) ?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus

Datum

15 septimber 2017